



Frysk as eksamenfak

Op it fuortset ûnderwiis eksamen dwaan yn it fak Frysk: der binne no sa'n alve lokaasjes dêr't dat mooglik is, mei yn it ôfrûne skoaljier 135 kandidaten. Mar mear skoallen binne dwaande Frysk as eksamenfak op te setten. Dêrmei slute se oan by de ambysje fan de provinsje om yn 2030 op alle skoallen yn Fryslân de mooglikheid te hawwen Frysk eksamen te dwaan. Tagelyk is der in lanlike fernijing dwaande foar de eksamenprogramma's Nederlânsk, Frysk en njoggen moderne frjemde talen. Yn de aktualisearre eksamenprogramma's is fanút in meartalich perspektyf nei de Fryske taal en kultuer sjoen en is gearhing mei oare fakken realisearre.

It fak Frysk krijt foarm fanút trije ynfalshoeken: taal leare en brûke (û.o. lêze en skriuwe), taalbewustwêzen (û.o. de posysje fan it Frysk en taaldynamyk) en kultuerbewustwêzen (û.o. keunst, skiednis en literatuer). Mei it foarljochttingsmateriaal fan 'Dêrom Frysk' wol de Afûk learlingen motivearje te kiezen foar it Frysk as eineksamenfak. It learen fan it Frysk draacht by oan it funksjonearjen yn de meartalige mienskip en op takomstige wurkplakken yn de regio dêr't Frysk praat wurdt. Boppedat is Frysk as memmetaal wichtich foar de identiteitsfoarming en as basis foar it learen fan oare talen. **Dêrom Frysk!**

O P R O P

Bisto Frysktalich en hasto bern dy't jonger binne as 5 jier of bisto in oansteande âlder?

Dan sykje wy dy!

Wy wolle nammentlik graach mear witte oer watfoar talen der brûkt wurde by de opfieding fan bern en wêrom't dy talen brûkt wurde. Dêrneist wolle wy graach mear ynsjoch krije yn wat âlders en opfieders oan ynformaasje en produkten nedich hawwe om harren bern Frysk- of meartalich grut te bringen. Dêrom hawwe it Mercator Europeesk Kennisinstum/Fryske Akademy, de Afûk en it European Centre of Minority Issues yn Flensburg (Dútslân) yn opdracht fan de Provinsje Fryslân in projekt opset om dêr ûndersyk nei te dwaan.

Troch dat ûndersyk kinne wy de foarljochting oer meartalich grutbringen en produkten en projekten lykas it *Taalkado* en *heit&mem* better ôfstimme op de winsken fan dy, de (oansteande) âlder.

Wy soene it tige op priis stelle asto in fragelist oer dit ûnderwerp ynfolje wolst. Troch ûndersteande QR-koade te scannen komst by de online fragelist telâne. It ynfoljen fan de fragelist nimt sa'n 20 minuten fan dyn tiid.

Alfêst tige tank!

De talen fan ús bern

In fragelist foar âlders yn Fryslân.

Dochst mei?



Fryske WhatsApp-stickers!

Op 21 febrewaris is it UNESCO Ynternasjonale Memmetaaldei! Dy deis steane wy stil by meartaligens en de taalkundige en kulturele diversiteit yn 'e wrâld. Om Memmetaaldei te fieren, komt Praat mar Frysk mei machtich moaie Fryske WhatsApp-stickers! Doch mei, en meitsje it Frysk mei de stickers sichtber op Memmetaaldei, mar fansels ék dêrnei! Folgje ús op de socials, sjoch hoe'tst de WhatsApp-stickers ûntfange kinst en diel se dêrnei mei dyn freonen, famylje en kollega's!

© /praat_mar_frysk f /PraatmarFrysk



Poëzywike 2025

Oant en mei 5 febrewaris is it Poëzywike! Poëzywike, it poëzyfeest fan Flaanderen, Nederlân én Fryslân, is der oeral en foar elkenien! It tema fan 2025 is 'liiflikheid' en Charlotte Van den Broeck hat om dat tema hinne Nederlânsk-talige gedichten skreaun, dy't bondele binne yn it 'Poëziegeschenk 2025'. Lit dy ynspirearje troch it oanbod oan Frysktalige bondels. By oankeap fan € 12,50 oan poëzy krijst – ék by de Afûk – it Poëziegeschenk kado! Op=op!

Oant sjen yn ús winkel

ADRES
Boterhoek 3
Ljouwert
(058) 234 30 70

IOPENINGSTIDEN
Tiisdei o/m freed
10.00 - 17.00 oere

info@afuk.frl
www.afuk.frl

Instagram: /stichtingafuk
Facebook: /StichtingAfuk



Foar dizze en oare boeketips, sjoch op websjop.afuk.frl of scan de QR-koade.

Boeketip 5

1 **Rinus**
Ingrid & Dieter Schubert
Rymke Zijlstra (oersetter)
€ 16,95

Printeboek fan it jier!

Pake wie eartiids in hiele wylde noashoarn. Mar no is pake âld en leit er leafst wat te slûgjen. Hjoed past er op Rinus. En dy wol foaral boartsje en gek dwaan!

2 **Ferlosboartsje**
Elmar Kuiper
€ 20,-

Der is sa'n soad yn dizze bondel dêr't Elmar Kuiper him ûnderút dichte hat, dat de ein der suver fan wei is. Somtiden wurdt it ernstich, mar tagelyk bliuwt it ek boartlik.

3 **Paula en de weirekke spiegel**
Marije Sennema
€ 19,95

Op in dei rekket Paula de gouden spiegel fan beppe kwyt. Alinnich mei dy pratende spiegel kin se harsels skilderje. Sil se de spiegel weromfine?

4 **Wei, mar net fergetten**
139 in memoriams
Cor Waringa
€ 24,90

Tusken 2011 en 2020 betocht Cor Waringa op Omrop Fryslân it libben fan Friezen dy't yn dy tiid weirekken. De 139 miniatuerkes jouwe tagelyk in byld fan de feroarjende maatskippij.

5 **Fiere wake**
Ierske gedichten en reisferhalen
Syds Wiersma
€ 20,-

Fiere wake is de delslach fan trije reizen troch Ierlân. Kuerjend, liftsjend en reizjend skriuwt Syds Wiersma oer moetingen mei minsken, plakken, lânskippen en tiden.